

Tekst 1 Ik kin op it poadium net stean te gûlen

- 1p 1 Hokker útspraak past it bêste by alinea 1?
A Yn alinea 1 stiet de oanlieding foar it skriuwen fan de tekst.
B Yn alinea 1 stiet in anekdoate oer Gezina van der Zwaag.
C Yn alinea 1 stiet in koarte gearfetting fan de tekst.
D Yn alinea 1 stiet in yntroduksje oer Gezina van der Zwaag.
- 1p 2 Gezina van der Zwaag is sjongeres wurden, mar yn 't earstoan hie se oare muzikale ambysjes. (alinea 2)
→ Wêrom soe se trompet en bugel studearje wolle?
- 1p 3 Wêrom gie Gezina van der Zwaag net daliks nei it konservatoarium?
A Har heit seach dat hielendal net sitten.
B It wie der gewoan net fan kommen.
C Se koe der net bugel en trompet studearje.
D Se woe leaver nei de Heao.
- 2p 4 “Hoe djip de muzyk ek siet”. (r. 23)
→ Hokker trije foarbylden neamt Gezina by dit gefoel?
- 1p 5 Hoe kaam Gezina yn Australië ynearsten oan jild om fan te libjen?
A Se brûkte it jild dat se fan hûs meinaam hie.
B Se krige jild fan oare backpackers.
C Se naam allerhanne baantsjes oan.
D Se siet altyd te gitaarspyljen en te sjongen.
- 2p 6 Yn Australië stiet Gezina op in kearpunt yn har libben.
→ Sitearje de trije sinparten út alinea 5-6 dy't dat werjouwe.
- 2p 7 Gezina hie al earder op in wichtich kearpunt yn har libben stien.
→ Hokker yngripend beslút hie se doe naam?
- 1p 8 De oerienkomst tusken alinea 7 en 8 is dat se beide oer Gezina har sjongen geane.
→ Hokker ferskil is der tusken alinea 7 en 8?
- 2p 9 “Stadichoan krije de slomjende ambysjes stal.” (r. 89-90)
→ Hokker ambysjes hat Gezina neffens alinea 10?
- Dizze ynlieding heart by de fragen 10 en 11.*
“... al tink ik wol dat oare minsken der wat oan ha kinne.” (r. 84-85)
- 1p 10 Op hokker manier hawwe oare minsken wat oan har sjongtalint neffens alinea 9?
- 1p 11 Op hokker manieren hawwe oare minsken wat oan har sjongtalint neffens alinea 10?

- 1p **12** Hokker kopke past it bêste boppe alinea 9 en 10?
A Ambysjes
B Optredens
C Sjongles
D Universele tema's
- 1p **13** Noch net sa lang ferlyn wie mar in lyts part fan Fryslân bekend mei Gezina har sjongtalint. (r. 104-106)
Hoe kaam it dat se dêrnei bekender waard?
A De film 'As it is in heaven' gie yn premiêre en waard in súkses.
B Gezina koe faker optrede omdat se minder wurke.
C Gezina wie faker te hearren as ynfalster yn in bekende Tophûndertband.
D Omrop Fryslân stjoerde opnames út fan har ferzy fan 'Gabriëlla's Song'.
- 1p **14** "It sloech daliks oan." (r. 128)
→ Hokker argumint brûkt Gezina van der Zwaag foar dy konklúzje?
- 2p **15** Yn rigel 32 stiet dat Gezina oer universele tema's sjongt.
→ Jou twa foarbylden út alinea 14 fan sokke tema's.
- 1p **16** Wêr sit de krêft fan 'Gabriëlles Liet' foaral yn neffens Gezina van der Zwaag?
A yn de akkoarden
B yn de wize
C yn it grutte berik
D yn it tema
- 2p **17** Gezina kin har emoasjes it bêste kwyt yn it Frânsk en yn it Frysk. (sjoch alinea 18)
→ Yn hokker alinea's hat se dat aspekt wat it Frysk oanbelanget al earder oan de oarder steld?

Tekst 2 In wreed reptyl yn Drachten

- 1p **18** Hokker útspraak past it bêste by alinea 1?
A Yn alinea 1 stiet de oanlieding foar it skriuwen fan de tekst.
B Yn alinea 1 stiet de presintaasje fan de haadpersoan út de tekst.
C Yn alinea 1 stiet in anekdoate oer de haadpersoan fan de tekst.
D Yn alinea 1 stiet in oersjoch fan de wichtichste ûnderwerpen út de tekst.
- 1p **19** Yn rigel 8 stiet it wurd 'imago'.
Hokker byld stiet sintraal yn dat imago?
A it byld fan de draak
B it byld fan 'De Gelaarsde Kat'
C it byld fan de gewoane Drachtster Xenopus
D it byld fan de tripkikkert

- 1p **20** Hokker ferbân bestiet der tusken alinea 1 en alinea 2?
A in ferlykjend ferbân
B in konkludearjend ferbân
C in oarsaaklik ferbân
D in tsjinstellend ferbân
- 1p **21** Yn rigel 16-17 wurdt Xenopus eins in deagewoane Drachtster neamd.
→ Yn hokker opsicht wykt Xenopus wierskynlik dochts ôf fan dat byld?
Helje dyn antwurd út alinea 3. Brûk net mear as 15 wurden.
- 1p **22** Hokker kopke past it bêste boppe alinea 3?
A Bange âlden
B In Deensk fotomodel
C In fereale noasbear
D Omgong mei bisten
- 1p **23** Yn rigel 44-45 stiet “Bangens is oanleard”.
→ Sitearje in sinpart út it foarôfgeande part fan alinea 3 dêr’t út bliken docht hoe’t dat neffens Xenopus komt.
- 2p **24** Yn de sin “Ik fertel ... dwaan wolle.” (r. 45-49) stiet trije kear it ferwiiswurd “se”.
→ Notearje, yn de folchoarder fan de tekst, wêr’t dy trije wurden nei ferwize.
- 2p **25** Yn rigel 35 stiet it wurd ‘meunster’.
→ Sitearje de beide tekstparten út alinea 1 oant en mei 4 dy’t in beskriuwing fan it meunster jouwe.
- 1p **26** Yn rigel 63-64 wurdt De Gelaarsde Kat in leaf mearkefiguer neamd.
→ Sitearje in sin út alinea 3 dat in oar byld liket del te setten.
- 1p **27** “Hiel wat ... oan hat.” (r. 73-74)
→ Sitearje de sin út alinea 2 dy’t ynhâldlik by dizze sin past.
- 1p **28** Wat is de kern fan alinea 5?
A Xenopus hat in soad fan rockmuzikanten fan froeger.
B Xenopus hat in soad wurk fan syn kreaasjes.
C Xenopus wurdt noartsk as minsken him kopieargedrach ferwite.
D Xenopus wurdt ynspirearre troch de rockband Kiss.
- 1p **29** Hokker ferbân is der tusken de alinea’s 5 en 6?
A in foarwaardlik ferbân
B in oanfoljend ferbân
C in oarsaaklik ferbân
D in útlizzend ferbân
- 1p **30** Yn alinea 6 stiet dat Xenopus it wol grappich fynt om yn syn artysteklean de dyk op te gean.
→ Wat motivearret him neffens deselde alinea ek noch om dat te dwaan?

- 1p **31** Hokker kopke past it bêste by de ynhâld fan alinea 7?
A Bargje mei bloed
B Gefaarlike petroalje
C Hapke harsens
D Xenopus syn geheimen
- 1p **32** Wat foarmet de kearn fan alinea 8?
A in anekdoate
B in konklúzje
C in oprop
D in warskôging
- 1p **33** Hokker útspraak past it bêste by de ynhâld fan alinea 9?
A Alinea 9 giet om in konklúzje oer it wurk fan Xenopus.
B Alinea 9 giet foaral om in persoanlike ûnderfining fan de skriuwer fan de tekst.
C Alinea 9 is in oprop om nei in foarstelling fan Xenopus te gean.
D Alinea 9 is in warskôging tsjin ferkearde omgong mei bisten.
- 1p **34** Wêr makke Johannes Keekstra by it skriuwen fan syn tekst oer Xenopus gebrûk fan?
A Fan feiten
B Fan feiten en fan de miening fan Xenopus
C Fan feiten, fan de miening fan Xenopus en fan syn eigen miening
- 1p **35** Wat is it wichtichste skriuwdoel fan dizze tekst?
A Amusearje mei it ferhaal fan de aparte Drachtster artyst Xenopus.
B Ynformearje oer it wurk en de ideeën fan de artyst Xenopus.
C Oertsjûgje fan it feit dat Xenopus in hiel goede artyst is.
D Oantrúnje om in optreden fan de artyst Xenopus te boeken.

Tekst 3 Altyd tsjuster, mar hjir en dêr in puntsje ljocht

- 1p **36** Hokker útspraak past it bêste by alinea 1?
A Yn alinea 1 stiet in anekdoate oer Bram Schultinga.
B Yn alinea 1 stiet in gearfetting fan 'e tekst.
C Yn alinea 1 stiet in konklúzje op foarhân.
D Yn alinea 1 stiet de presintaasje fan it ûnderwerp.

Dizze ynlieding heart by fraach 37 en 38.

Bram wie noch mar fiif jier, doe't er blyn waard.

- 1p **37** Hokker neidiel hat dat neffens de tekst?
Brûk net mear as 10 wurden.
- 1p **38** Hokker foardiel hat dat neffens de tekst?
Brûk net mear as 10 wurden.

- 2p **39** Bram kiest der foar om net in sinnebril te dragen.
→ Hokker trije arguminten hat hy dêrfoar?
- 2p **40** Hokker redenen hie Bram om oer te stappen fan de stúdzje skiednis nei de stúdzje rjochten?
- 1p **41** Hokker kopke past it bêste boppe alinea 5?
A Alderlik hûs
B Fragminten
C Kleuren
D Moaie oantinkens
- 1p **42** Wat is it ferbân tusken alinea 5 en alinea 6?
A oarsaaklik ferbân
B opsomjend ferbân
C tsjinstellend ferbân
D útlizzend ferbân
- 1p **43** “Hoe goed ... sels dwaan.” (r. 120-128)
Wat is it ferbân tusken dit tekstfragmint en de rest fan dy alinea?
A gearfetsjend ferbân
B opsomjend ferbân
C tsjinstellend ferbân
D útlizzend ferbân
- 1p **44** Wat is it ferbân tusken alinea 7 en alinea 8?
A ferlykjend ferbân
B opsomjend ferbân
C tsjinstellend ferbân
D útlizzend ferbân
- 1p **45** Hokker kopke past it bêste boppe alinea 8 en 9?
A Blyn wêze
B Eigen metoade
C Goed ûntwikkele sintugen
D Pluspunten

Dizze ynlieding heart by de fragen 46 en 47.

“Bram gunt ús in blik yn syn wrâld”. (r. 10-11)

- 1p **46** Yn hokker alinea('s) komt de lêzer mear te witten oer Bram syn jeugdjierrren?
- 1p **47** Yn hokker alinea('s) komt de lêzer mear te witten oer de stúdzje fan Bram?
- 1p **48** Wat is it wichtichste skriuwdoel fan de tekst?
- A** de lêzer ferdivedearje
 - B** de lêzer ynformearje
 - C** de lêzer oantrúnje
 - D** de lêzer oertsjûgje